

# IT LAN TUSKEN OARLOGGEN

Zdravko Duša



Oersetting: Janneke Spoelstra

**oare**wurden  
|||

Co-funded by the  
Creative Europe Programme  
of the European Union



**druge**besede  
|||

## IT LAN TUSKEN OARLOGGEN

It wie oarspronklik de bedoeling dat dit boek begjinne soe mei fragminten út *Zgodovina Tolminskega* (De skiednis fan 'e regio Tolmin), útjûn yn 1882 troch Simon Rutar. It like hiel logysk om dat te dwaan, mar doe gie it in oare kant út. Wylst de lange, grouwélige siden en haadstikken har opsteapelen oer wat wierskynlik de alderbelangrykste ûntjouwing is yn 'e skiednis fan Tolmin, it Soča-(Isonzo-)front yn 'e Earste Wrâldoarloch, gie by it lêzen fan ien fan 'e sintrale wurken oer dy perioade, *Koraki skozi meglo* (Troch de mist stappe) fan Vasja Klavora, in oare doar it boek yn iepen. Net allinne omdat dit myn eigen yntree yn it hert fan 'e regio Tolmin west hat, en ik wit presys wêr't it nei ferwiist, waard it my dúdlik - wylst ik de beskriuwing trochlies fan it útsicht dat foar jin leit as men rjochts ôfslacht ûnderoan de Mengore-heuvel en boppe Volče, en yn in breed panorama de kontoeren sjocht fan 'e boerepleats ûnder de dyk, dêrefter it doarp, en leger, ûnder it doarp, rjochts, St Daniel. Lagen fan lânskip op 'e eftergrûn dy't fierder en heger rikke, oer fjilden en heuvels en bergen, alhiel oant yn 'e wolken, dy't wierskynlik it hiele ein fan 'e Bohinj-hoeke ôf te sjen binne - hoe't dy mear beheinde regio Tolmin yn ien eachweid leit, en de grinzen dy't ik socht by it selektearjen en fuortgoaien fan wat ik skreaun hie, wiene sa klear as in klûntsje. Koarter kin it net sein wurde. Mar boppe-al is it ûnmooglik om yn in pear alineas lânskip en skiednis moaier byinoar te bringen mei in skets fan erfgoed en aard fan 'e minsken dy't hjir libje, en sa te genietsjen fan harren selskip, as dat Klavora it dien hat.

Neffens boppesteande logika soe it Tolmin-bekken ek it gebiet tusken Bučenica en Modrej omfetsje oant Most na Soči ta; ferslaggen fan de Earste Wrâldoarloch binne der nei it westen ta fan 'e doarpen Kozmerice en Sela, en omfetten, de bûtenste grinzen fan it Tolmin-brêgehaad folgjend, de doarpen Kozaršče, Čiginj, en Volče mei Mengore yn 'e midden, en oan 'e eastkant, fansels, de greiden by de Idrijca-rivier lâns oant Trebuša ta, de kleauwen en dellingen by de Bača-rivier lâns, en it Šentviška planota-plato. De revolúsjonêren en learde manlju kamen foar it grutste part út dit gebiet. De skriuwers Ivan Pregelj en Saša Vuga kamen út Most na Soči. Ciril Kosmač groeide op yn Slap ob Idrijci, in bytsje fierder stream op. Hy kaam net út in foaroansteande famylje, lykas Vuga (en dat kaam Pregelj ek net), mar waard berne yn in húske yn Bukovica. Yn dat beskieden famyljebesit oan de Idrijca learde er fan syn heit de universele wearde fan minsklik eargefoel. Dat by eintsjebeslút foel, sûnder dat it foarôf de bedoeling wie, it literêre lânskip hast presys gear mei de grinzen fan 'e hjoeddeistige gemeente Tolmin.

Wat it skreaune wurd oanbelanget, wie de earste dy't út it skaad fan 'e tiid nei foaren kaam de fisk Faronika. It âlde folkslietsje waard foar it earst fermeld yn Podmelec yn 1886 en waard letter ferneamd as in boarne foar ûndersikers fan Slavyske, bredere Yndo-europeeske, en sels net-Europeeske skeppingsmyten. Noch trije oare ferzjes waarden fêstlein, allegear yn Podmelec, wêr't oant fier yn 'e tweintichste iuw noch ferhalen omgiene oer in reuseftige fisk dy't ús wrâld op 'e rêch draacht: as dy mei de sturt slacht, is der in ierdskodding, as er ûnderdûkt, sil de hiele wrâld ek ferdrinke. Yn it sok fan dit ûnmeilydsum heidensk skepsel swimt Jezus omheech en jout er de grinzen oan fan dizze moedwillige ferneatiging: hy skiedt de minsken yn dejingen dy't it fertsjinje om ferneatige te wurden, en dejingen dy't dat net fertsjinje. Hjir treffe de heidenske en de kristlike wrâld inoar. It is de berte fan 'e barmhertigens, dy't, fol hoop, syn omgong yn 'e wrâld en de skiednis begûn.

De fisk Faronika wie de obsessy dy't Ivan Pregelj de protagonist fan syn roman *Plebanus Joannes* (Pryster Johannes) meijoech- Janez Potrebujež, dêr't de parochykronyk fan Tolmin fan seit dat er fjirtich jier, fan 1516 oant 1556, dominy wie yn 'e Tsjerke fan 'e himelfeart fan Marije – en dejinge dy't besongen wurdt yn it gedicht *V Tminu tam na ilovci*, wêryn't de leginde fan de blom dy't om de safolle jier bloeit by it stânbyld fan Marije oan 'e foarkant fan 'e tsjerke besongen wurdt yn fersen. Dat is de tiid dat de regio Tolmin troch de pest troffen waard, wat fansels in geskikte gelegenheid wie om sûnde en straf oan 'e oarder te stellen: wêrom giene alle minsken yn 'e fiere omkriten dêr dea oan? Yn 'e middellange roman (publisearre yn 1921), dy't spilet tusken Tolmin en Volče, dêr't de fijân en ymmorele tsjinhinger fan pryster Johannes, De Menezeis, tsjinne as dominy, wurdt in pleatslik karakter yntrodusearre waans ivige konflikten fuortkomme út it botsen tusken wat er fielt en wat er ferûndersteld wurdt te leuwen, tusken gewisse en ynsjoch, tusken prinsipe en konsekwinsje, tusken de gleonens fan it lichem en de hilligens fan 'e geast. Yn 'e roman *Tolminci* (De minsken fan Tolmin), plantet Pregelj dy inerlike striid ek yn it karakter fan 'e boer Andrej Laharnar, dy't muoisum tusken syn leuwen yn godlike foarsjennichheid en syn persoanlike driuw om yn opstân te kommen skipperet; deselde morele twastriid, sa't wy letter sjen sille, wurdt nij libben ynblaasd troch Ciril Kosmač troch de kwellingen fan Temnikar, in boer dy't pleatst wurdt yn 'e rol fan skiedsrjochter tusken ymmoreel oerlibjen en in moreel stânpunt mei syn eigen en oaren har dea ta gefolch.

De grutte boere-opstân fan Tolmin is it sintrale emansipatoaryske barren yn 'e skiednis fan dit lytse lân. De wreedheden fan 'e graaf fan Tolmin wiene in hieltyd werommend tema yn folksferhalen. It haad fan it rôversnêst op 'e Kozlov-heuvel soe straft wurde mei de hel, omdat er in boer om in pear sinten omkomme liet yn 'e sel, of hy waard sûnder moederaasje libben opfretten troch luzen.

Yn 1713 foarme de mars fan 'e boeren út Tolmin, dy't byinoar kamen op 'e Mengore-heuvel en op wei giene om harren ûnrjochtlik finzen sette lânslju út 'e Gorica-finzenis te befrijen, de oanlieding ta de oproer fan 'e bewenners fan 'e Goriška Brda-heuvels. It waaide oer nei de regio Vipava, en sloech oer op Karst hielendal oant Duino ta.

De rebellearjende boeren foarmen in boere-uny, de Idrija-mynwurkers wiene liik – koartsein, der wie in machtsoername dy't inkeld ûnderdrukt waard troch in spesjale ienheid Dútske soldaten en de *krajišniki* (neamd nei de militêre grinsregio, Vojna Krajina) út Karlovac. Militêre patrûljes ferfolgen fertochte boeren, mear as hûndert fan har ûndergiene de ferskrikkingen fan 'e kastieltsjerke fan Gorica; alve boeren út Tolmin leine in jier nei it delslaan fan 'e oproer de holle op it hakblok op it plein foar de tsjerke fan Gorica. Noch lang dêrnei hiene se yn 'e rebellearjende plakken te krijen mei belestingen, straffen, konfiskaasje fan besit en ferhege tafersjoch. De fresko's yn 'e Tsjerke fan 'e himelfeart fan Marije yn Podmelec (wierskynlik fan 1718), mei harren ferbjusterjende ferbylding fan 'e kwellingen fan 'e ferlerne sielen yn 'e hel, wiene foar it neist krekt ynspirearre op dy drege perioade om de ûnderdrukking nei de oproer hinne.

Yn 'e tweintichste iuw wurdt de opstân ûntdutsen as nasjonaal, sosjaal, of etysk ûnderwerp, of gewoan as spannend tema foar ferhalen. Dit epyske haadstik yn 'e skiednis fan Tolmin waard behannele troch France Bevk: *Iskra pod pepelom* (In fûnk yn 'e jiske), *Iz iskre požar* (In fjoersee fan in fûnk), *Tolminski punt* (De boere-opstân yn Tolmin), en *Pravica do življenja* (Rjocht op libben) - de lêste waard, ûnder deselde titel, troch Janez Dolenc bewurke foar toaniel. Alojzij Remec skreau de roman *Veliki punt* (De grutte opstân). Yn dichtfoarm is it meast ferneamd de sonnettesyklus *Tolminski punt* (De opstân yn Tolmin) fan Alojz Gradnik, syn lûngenoat Zlatko Kaučič út 'e regio Brda sette hast hûndert jier letter it tema mei deselde namme om yn eksperimintele jazz. De opera *Tolminski puntarji* (De rebellen fan Tolmin) waard skreaun troch de komponist Ubald Vrabc, dy wjerklonk mei lietescriuwer Iztok Mlakar en waard it ûnderwerp fan in stripboek (troch de Italiaanske auteur Remigio Gabellini). De opstân waard fisueel ferbylde troch de skilders Tone Kralj, Riko Debenjak en Rudi Skočir. De yn Tolmin berne byldhouwer Boštjan Kavčič, ferivige de oproer mei in stânbyld yn it hert fan 'e stêd, wêrmei't markearre waard dat de opstân trije hûndert jier lyn wie. Hy is yn dit boek fertsjintwurdige mei ien fan 'e meast resinte ferbyldingen fan 'e fisk Faronika. Foar Silvester Komel en de út Tolmin ôfkomstige Ivan Čargo tsjinne de opstân as in tematysk begjinpunt. De narratyf yn *Pustota* (Unlân) fan Vladimir Kavčič draait om in út Tolmin ferbande famylje fan rebellen, dy't earne tusken de Cerknio- en Žiri-heuvels wennen. De meast opfallende literêre ekspresje fan 'e opstân waard lykwols levere troch Ivan Pregelj yn syn roman *Tolminci* (De minsken fan Tolmin), letter folge troch *Štefan Golja in njegovi* (Štefan Golja en syn folk), en *Zadnji upornik* (De lêste rebel), en syn populêre novelle *Matkova Tina* (Tina fan Matko).

Ynearsten hie Pregelj dy earste roman, doe't dy as searje yn it tydskrift *Dom in svet* (Thús en wrâld) ferskynde, de titel *Tlačani* (Hearrigen) jûn. De titel *Tolminci* krige it krekt doe't it as boek publisearre waard en sa kreëarre Pregelj – of eins wie it gewoan rekapitulearjen, want nei twa iuwen wie "Tolminci" in algemiene namme wurden foar rebellen – in kollektyf ûnderwerp, ûnfoarsisber op it mêd fan loyaliteit, en konsistint op it mêd fan rjochten.

Ut it eachpunt fan it gerjochtshôf yn Gorica foarmje de minsken fan Tolmin in problematyske, koppige, en tige eigensinnige mienskip. Op dy wize wurde se ek portrettearre troch France Bevk yn *Znamenja na nebu* (Tekens oan 'e loft): nei it feroverjen fan Tolmin waait ûnder de oerwinners út Gorica oer it patriarchaat in wrede wyn, yn stee fan dat der in loyaliteitsferklearring komt nei de nije ûnderskikten ta, sa't de ferwachting wie. Pregelj hie it fermogen om him yn te libjen yn syn lânslju en harren tastân te beskriuwen, lykas yn it ferhaal oer Anton Muznik, ek immen dy't werklik bestien hat. Muznik waard berne yn Most na Soči en ûndersocht en beskreau de omstannichheden ûnder it bewâld fan Gorica yn 'e twadde helte fan 'e achttjinde iuw.

Yn 'e twadde helte fan 'e njoggentjinde iuw hat Tolmin te krijen mei lanlike ûnrêst. De dichter Simon Gregorčič wenne net sa fier ôf, hy wie praktysk immen dêrwei. Hy wie op dat stuit in ikoan en hie in spilfunksje yn it Sloveenske nasjonale bewustwurdig (al yn syn skoallejierren droech er in betinkingsfers foar by ien fan 'e kulturele/politike barrens mei de namme *Bésedé*, dy't geregeld holden waarden yn 'e 'Lêsklup' fan Tolmin – in sosjéiteit en edukative klup). Yn deselde perioade wiene yn 'e stêd Tolmin sels de advokaten Peter Kozler, Jovan Vesel Koseski, Karel Lavrič en Henrik Tuma aktyf, allegear belangryk yn it kreëarjen fan Sloveenske nasjonale skiednis en – ta in hichte, de iene wat mear as de oare – fan it pleatslike libben yn Tolmin. Dêr wie it ek dat Kozler de lêste hân lei oan de ferneamde earste kaart fan 'e Sloveenske lannen, en al opdrachten ta printsjen krigen hie; in tsjûgenis dêrfan is in lilke brief dêr't er syn beklach yn docht oer de bemuoienis fan 'e militêre rjochtbank yn Wenen, dy't syn proefdruk en printplaten fersegele hiene. Karel Lavrič, in gefoelige siel, gie troch in persoanlike krisis yn 'e tiid dat er yn Tolmin tahold. Hy gie oer fan it katolisisme nei it protestantisme, en woe himsels tekoart dwaan nei in teloarstelling yn 'e leafde. Nettsjinsteande dat rjochte er in lêsklup op foar de ynwenners fan Tolmin. Doe't er út Tolmin wei gie, skreau in anonime "gymnasiumstudint út Gorica" in optein farwolsonnet foar him; efter de beskieden hantekening gie Simon Gregorčič beskûl. It libben yn it hannelsstedsje waard mei humor beskreaun troch Henrik Tuma. Net dat it him in soad wille joech, hy wie in sombere persoan, en ek eigenwiis, mar yntellektueel skerp en strang.

De frivoalens fan 'e notabelen fan 'e hannelsstêd, it opkringerige gemak wêrmei't se oanwêzich wiene en de ûnferantwurdlike wize wêrop't se har plichten útfierden, luts in dúdlike skiedsline tusken de notabelen fan Tolmin – de mjuks fan Friulianen, Italianen, mar ek Carniolanen en Kroäten, dy't dêr bedarre wiene troch bestjoerlike funksjes, geastliken, juristen en har personiel, de pleatslike befolking dy't foar harren wurke, en de oerdracht fan autoriteit mei de lytse privileezjes dy't dêrby hearre en training yn wolsprekkendheid en publike útstrieling, wêrtroch't de minsken fan Tolmin hiel goed toanielspylje koene – en de omlizzende doarpen. Tuma besocht dy doarpen en wie entûsjast oer de oarspronklike bewenners en de krêft fan harren taal: dêr seach er it wiere potinsjeel en de stipe foar it oankommende lanlike projekt.

(It is, lykwols, nijsgjirrich – of typysk? – dat Ivan Kuk, út Tolmin, dy't it "ferhaal" fan *Dantejeva jama* (De grot fan Dante) yn it Klagenfurtse tydskrift *Prijatelj* (Freon) publisearre, deselde regio wat patetysk as in rûge wyldernis sjocht; in blik fan 'e top fan 'e berch Migovec nei Boppe-Carniola leit útnûgjend de grutte skjintme fan 'e bergen en de Bled-mar foar him iepen, harren ymplisite gruttens yn termen fan nasjonale bewustwurdig net útsletten; mar as er it hat oer de fallei dêr't er berne is, sjocht er it rôversnêst fan Kozlov yn 'e hoksen sitten as in ferrinnewearre heaberch, dêrefter in smoarge poel, en sels dy poel moat út en troch folle wurde, omdat der net altyd genôch wetter yn sit.) Tuma wie goed tarist mei kennis en in tige goed ûnthâld, hie oan passy noch empathy gebrek, syn ferteltalint twivele nimmen oan. It haadstik oer Tolmin yn syn autobiografy is dan ek in geastige analyze fan it miljeu yn Tolmin.

Alles feroaret mei de komst fan it spoar yn 1906 en de wrâldkriich in desennium letter. Mear as fyftich jier moasten foarbygean foar't de oerbliuwsels en yndrukken fan dy lêste yn in breder ferbân foarm begûnen te krijen. Hjoed-de-dei kinne histoaryske teksten, dokuminten, en persoanlike tsjûgenissen in lytse biblioteek folje; foar it útbyldzjen fan it brêgehaad Tolmin moat de measte eare gean nei Vasja Klavora, dy't pleatslike tsjûgenissen kombinearre mei militêre skiednis yn it earder neamde wurk *Troch de mist stappe*. Yn ús boek waarden fiif ferskillende perspektiven oangeande dit ferskriklike plak keazen. De Dútske offisier Erwin Rommel jout in drûge, feitlike analyze en sjocht it gebiet om Tolmin hinne as in fysike romte mei skaaimerken en posysjes dy't ynspekterarre wurde moatte, in slachfjild, dêr't men besiket de fysike omjouwing sa't dy úttekene is op 'e militêre kaart yn 'e holle te krijen. De earste Eastenrykske oarlochkorrespondint Alice Schalek, dy't min of mear feilich bûten de arena bleau, rekapitulearret dit militêre perspektyf, mar besiket ek al it te fersterkjen troch de wurden fan in tsjûge. Se foeget konkrete betsjutting, in fielen fan ûnderfining, en minsklike figueren ta oan 'e militêre termen.

We stappe fan it slachfjild ôf en yn it libben fan 'e bewenners troch de deiboeknotysjes fan 'e Sloveenske soldaat Jakob Prešeren, dy't yn 'e swierste gefjochten fan it Isonzo-front focht yn dy krúsjaale dagen en nachten fan oktober 1917. Syn ferslach fan it fûle tolfde Isonzo-gefjocht is militaristysk realistysk, mar sagau't er in hûs yn it doarp yn giet, binne wy by de pleatslike befolking, dy't de doar net foar him iepen dien hiene as er in Dútser of bûtenlanner west hie. As Prešeren fierder lûkt om de befrijde Friuliaanske wynkelders te leegjen, komt Ciril Munih foar it ljocht, de dominy fan St Lucia en kronykskriuwer fan Most na Soči en de omlizzende doarpen. Hy portrettearret it libben fan syn doarpsgenoaten yn 'e oarloch. Dat binne de minsken dy't net inkeld foarbykomme en dy't net fuortgean as it fjochtsjen opholden is, mar dy't de lêst fan 'e oarloch drage en op 'e skouders nommen hawwe en dy't dy lêst drage sa't elk ûnmeilydsum lot droegen wurdt.

De útbyldingen foarmje in fresko grôtfol soldaten, en it geweldige lûd fan fallende granaten wurdt ôfwiksele mei it lûd fan 'e akkordion, it wrede lot fan dejingen dy't troffen waarden mei it lûd fan sjongen let yn 'e nacht mei in krûk wyn, deabenaud om flechtling te wurden. It ferhaal fan 'e oarloch giet hjir in oare kant út as it dokumintearjen fan yndrukken, ferskoot mei Ciril Kosmač nei syn fyfde, literêre ynkarnaasje. Bylden út de werklikheid wurde optild yn in ferhaal fan sibskip en famylje op it snijflak fan 'e skiednis.

Yn Javorca lieten de soldaten in lyts houten tsjerkje efter, ferve yn 'e libbene kleuren fan 'e Weenske Ofskieding. Untwurpen yn 1916 troch de Weenske arsjitekt Remigius Geyling ta oantinken oan syn fallen kollega-soldaten, en opboud troch syn kammeraten. De Eastenrykske artillerist Oskar Kokoschka heinde Tolmin yn syn notysjeboekje. De Sloveenske skilder Ivan Vavpotič hat de gong fan saken oan 'e frontlinys en yn it efterlân úttekene. Maksim Gaspari, Hinko Smrekar en Anton Koželj lienden har talinten romhertich oan in aansichtkaartsearje mei de namme *Vojska v slikah* (De oarloch yn bylden). It wie it gedicht *Soči* (Oan 'e rivier Soča) fan Simon Gregorčič, lykas ek guon fan syn oare oanmoedigjende gedichten dy't it nasjonaal bewustwêzen ferhegen, dy't de ynspiraasje foarmen foar yllustraasjes op aansichtkaarten dy't brûkt waarden by korrespondinsje yn oarlochstiid. Fran Tratnik, alhoewol't dy yn Ljubljana siet, makke in pear ekspressive tekeningen fan flechtlingen fan 'e plakken dy't er goed koe út syn tsjinsttiid dêr foar de oarloch.

Prešeren en Munih sprekke fan 'e grutte ferwachtingen dy't de pleatslike bewenners hiene. Se wiene bliid mei de delgong fan it hate Eastenryk-Hongarije, en it oprizende lân fan Súdlike Slaven ferskynde oan 'e kime en ûnthjitte nasjonale ûnôfhinklikens.

Yn stee dêrfan waarden de plakken dy't troch de oarloch ferneatige wiene, beset troch Italianen, wylst Tolmin as stêd, sawol as de keunst fan dizze regio yn 'e tweintiger en tritiger jierren fan 'e tweintichste iuw karakterisearre wurde troch in gefoel fan histoarysk ûnrjocht, de ernst fan Mussolini syn fassisme fuort al, en in genosidaal belied fan ûntkennen fan taal en kultuer. De sonnettesyklus fan ien fan 'e grutste Sloveenske dichters, Alojz Gradnik, oer de boere-opstân fan Tolmin foarmet eins in manifest, in oprop ta nasjonaal ferset troch in poëtisearre ferzje fan it ferhaal fan 'e oproer hast twa iuwen earder. Dizze seleksje befettet in sonnet *Štefan Golja tsjin syn heit Simon Golja*, wêryn't de frustraasjes fan dat tiidrek nei foaren komme. Itselde jildt foar twa sonnetten mei de titel *Tolmin*. Gradnik, dy't wurke as rjochter, wenne sels yn Tolmin, al wie it mar koart, neidat er út Gorica wei ferhuze wie nei it begjin fan 'e Earste Wrâldoarloch; letter ferhuze er nei Cerknò. (In oare dichter, dy't de poëtyske delslach fan Tolmin opskreau ûnder deselde titel yn sawat deselde tiid, Srečko Kosovel, gie om hiel oare redenen nei dizze plakken: syn ideologyske kammeraat en leafste, Fanica Obid út Bukovo, studearre oan 'e learare-oplieding yn Tolmin.)

Sa wurdt de syklus fan opstân ta in middel fan mobilisaasje, in manifest en warskôging mei in dúdlike dramaturgy en retoryk, mei it ritueel meitsjen fan listen fan Sloveenske plaknammen dy't drigen te ferdwinen troch de Italianisearring, en fan Italiaanske efernammen dy't tsjinnen as warskôging oangeande de lange skiednis fan ûnderwerping. Ferlykbere temûke of iepen strategyen kinne fûn wurde yn 'e útbylding fan bibelske motiven kreëarre troch de skilder Tone Kralj, dy't meiwurke oan 'e restauraasje fan tsjerken yn 'e Sloveenske kuststreek dy't ferwoeste wiene yn 'e Earste Wrâldoarloch. De Slavyske apostels, Cyril en Methodius, oan 'e rjochterkant fan 'e pastory yn 'e tsjerke yn Volče wikselje - neffens Egon Pelikan – bliken út mei Sint Piter en Sint Paul oan 'e linkerkant, en pleatsten dêrby it universele fan it katolisisme en it partikuliere fan it Slavisme/Sloveen-wêzen op itselde nivo. De spotters en moardners fan Kristus op 'e Krúswei yn 'e tsjerke fan St Lucia (Most na Soči) binne dúdlik karikatueren fan Mussolini syn oanfallers, klaaid yn 'e kleuren fan 'e Italiaanske flagge. Se drage typyske fassistyske fezzen. Yn 'e Sint Vitus-tsjerke yn Šentviška gora spilet Mussolini syn typysk stal mei de skonken fan inoar de rol fan opsichter by it giseljen fan in helpleaze hillige. De twa man dy't de hillige mei de gisel slaan, drage dúdlike skaaimerken fan nazistyske en fassistyske soldaten.

Yn dy tiid stapt Ciril Kosmač de literêre arena yn: grutbrocht as in patriot, yn yntellektueel opsicht briljant, net befoarrjochte wat klasse oanbelange, mar boppe-al, de meast artistyk talintearre skriuwer út Tolmin yn 'e tweintichste iuw. Al yn syn middelbere skoallejierren hie er kontakt mei leden fan 'e nasjonalistyske organisaasje TIGR.



Hy foel al gau yn 'e hannen fan 'e plysje, en úteinlik, nei syn feroardieling (en frijspraak, fanwegen syn jonge leeftiid) by de rjochtsaak yn Rome, flechte er de grins oer nei Joegoslavië. Lykas Ivo Šorli (berne yn Podmelec) en Ciril Drekonja (út it tichteby lizzende gehucht Temljine), ûndergie Kosmač itselde lot as oare yntellektuëlen út it kustgebiet, dy't har weromlutsen op har nasjonale thúsbasis. Šorli wie begjin tweintich doe't er syn "brief oan myn lângenoaten" skreau. Hy wie in advokaat mei in fêst ynkommen troch syn baan as notaris, en in fêstige skriuwer mei in hast kompleet opus, in master fan it eroatyske proaza. Foar Kosmač en Drekonja beide jildt dat harren opussen krekt har foarm krigen nei 1930, doe't se nei Joegoslavië kamen. En beide opussen binne, dat is te begripen, nau ferbûn mei de Tolmin-regio, de boerebefolking dêr en de lanlike omkriten. Neist eigen wurk sammele en publisearre Drekonja ek folksferhalen út 'e regio Tolmin. France Bevk seach syn eigen folhâlden en syn politike en literêre aktiviteit tusken de lokale befolking as syn foarnaamste missy, en wegere nei Ljubljana te ferhúzjen dat in feiliger en mear ynklusive wurkomjouwing bea. Yn 'e tiid fan tanommen geweld beskreau hy it fjirtjinde-iuwske Tolmin, dat tekene waard troch de striid tusken de biskoppen fan Aquileia en de grafen fan Gorica, yn ien fan 'e meast wiidweidige kroniken út 'e skiednis fan Tolmin, de romantrilogy *Znamenja na nebu* (Tekens oan 'e loft).

Nei de oarloch skreau skriuwer en sjoernalist Janko Perat, dy't ek oare aventoeren fan 'e befolking fan it Sloveenske kustgebiet ûnder Italië útbylde, *Golo upanje* (Neakene hoop). De ûntjouwingen oan 'e grins by Tolmin tusken Italië en Joegoslavië waarden dêryn wer ta libben brocht, wêrby't polityk ferstringele wie mei de folkloare fan it smokkeljen, wat nei in draai yn 'e rin fan 'e skiednis útrûn op spionaazje en in saak fan nasjonale feilichheid. De perioade einiget mei in skynber fleurich boevegedicht (it blykt úteinlik behoarlik tryst te wêzen, as wy de útkomst ienkear witte) fan Simon Kos, in beklage yn it Twadde Triëst-proses. Dat jonge lid fan 'e TIGR-beweging siet dêr alhiel net mei. Hy lake frank en frij om de earnest fan syn anty-staat aktiviteit. Hy neamde it in fergryp ferlykber mei smokkeljen of fysyk geweld yn deistige rûzjes. Syn leeftiidsgenoaten waarden dêrfoar opsletten yn oare sellen. Hy seach dernei út om wer kattedwea mei syn freonen út te heljen, nei't er út 'e finzenis ûntslein waard. Op 14 desimber 1941 waard er ta de dea feroardiele en, neffens de oantinkens fan Dorče Sardoč, wie hy de iennige fan fjouwer dy't it net begripe koe. Nei't it fûnis útsprutsen wie, gûlde er de hiele nacht, oant it lemieren, doe't se him nei it eksekúsjeffjild brochten.

Op deselde direkte wize fertelt de folksdichter Pavla Leban oer de algehiele gemoedstastân, moraal, en bewustwêzen yn in tiid dat passyf ferset feroare yn in befrijingsbeweging. Kosmač syn artistike behanneling fan itselde ûnderwerp late ta ien fan 'e krúsjale wurken út de perioade fan 'e Twadde Wrâldoarloch, de roman *Balada o trobenti in oblaku* (Ballade fan 'e trompet en de wolk).

De inerlike striid fan Jernej Temnikar, dy't foar de kar fan ûnûntkombere opoffering pleatst wurdt, fiert ús werom nei it karakter fan Janez Potrebujež. Sawol de âlde boer as de sielehoeder steane ferlern yn it lânskip fan Tolmin, berôve fan 'e feiligens fan 'e doarpspastory en it waarme beskûl fan 'e pleats. Unbetsjuttend as wjirms ûnder it swiere gewicht fan 'e berch Krn moatte se kieze en de lêst fan har eigen minsklikens drage.

*De ballade fan 'e trompet en de wolk* ferskynde earst yn it tydskrift *Naša sodobnost* (Us tiid) yn 1956. Dat wie mar trije jier neidat Kosmač it ferhaal oer himsels, syn famylje en it doarpslibben yn 'e tiid fan 'e krúsjaale foarfallen fan 'e tweintichste iuw ôfrûne hie. Yn syn roman *Pomladni dan* (In dei yn 'e maitiid) wurdt de Earste Wrâldoarloch, de delgong fan it Eastenryksk-Hongaarske keizerryk, fassisme, de anty-fassistyske fersetsbeweging, en nasjonale en sosjale ûnôfhinklikens behannele. De skriuwer, dy't út it ferstikkende fassistyske Italië wei de wrâld yn flechte, wie skriuwer en sjoernalist yn Frankryk en yn Grut-Brittanje. Hy kaam werom mei in befrijingsleger, slagge der úteinlik yn om de oerfloed oan skiednis yn dit lytse gebiet yn in nutedop te heinen en produsearre sa de grutte tekst oer de regio Tolmin.

De beskriuwing fan Saša Vuga syn roman *Opomin k čuječnosti* (In oantinken oan 'e opmerksumens) tematisearret de aaklike resten en net-oploste saken dy't de oarloch efterlitten hie. Hy hie net gau in bettere lokaasje fine kinnen foar syn skimige karakters as Mengore, "dat lytse hillichdom ûnder de bergen", in sammelpunt foar de boeren út Tolmin foar harren mars nei Gorica en de Marije-heuvel út Alice Schalek har reportaazje. As men de liken, de iene neist de oare, opsteapelje moast yn 'e Earste Wrâldoarloch, dan soe dizze lytse heuvel net genôch wêze foar alle deaden, seit ien fan 'e skimen yn Vuga syn roman: safolle soldaten waarden hjir ôfslachte yn 'e oarloch. We komme in pear siden fierder de Mengore-heuvel ek wer foarby, yn it gedicht fan Ljubka Šorli, dy't de nei-oarlochske perioade beskriuwt: de tsjerke boppe op 'e heuvel wie omjûn troch in soarte fan godfergetten sône. Immen hoecht net religieus te wêzen om de ôfwêzichheid fan it geastlike te fernimmen, en de ferwachting fan it momint dat de lytse flamme fan leauwe en betsjutting wer oplôgje en pylders oanlûke sil. It wie in tiid fan ôfreakkenjen mei religy en prysters -- de oantinkens yn *Moje celice* (Myn sellen) fan Jožko Kragelj, tsjûgje dêrfan. Hy waard ta de dea feroardiele by in publike rjochtsaak yn 1949 yn it teäter fan Tolmin (letter waard syn straf feroare yn finzenisstraf).

Oan 'e oare kant fan 'e grins, yn Friuli, waard dêr mei bewûndering nei sjoen, sa kin opmakke wurde út in passaazje út 'e roman fan Pier Paolo Pasolini: de steat dy't de macht weihelje doarst út 'e hannen fan prysters en lâneigeners skynde helder efter de heuvels yn it easten as in sosjalistysk paradys.

Foar de boerejonges dy't mei grut gefaar dêr ûntsnapt, koe de desyllúzje net grutter wêze as de earste nacht dy't se trochbrochten yn 'e finzenis fan Tolmin. Oan dizze kant waarden jonge jonges op deselde wize nei de Italiaanske grins dreaun troch it idee dat dêr it lân fan molke en hunch te finen wie.

It ferske *Mala Tolminka* (It lytse famke út Tolmin) hat ek syn wei fûn tusken de nei-oarlochskte teksten. Krekt nei it begjin fan it nije millennium is it in hit wurden yn 'e meast triviale betsjutting, fanwegen de melody, en boppe-al fanwegen de tekst, spesjaal fanwegen ien inkeld fers dat tusken de geweldige natuerlike skjintme loswei yngrypt mei it byld fan fabriken, en dy yn it ljocht set yn in stjerheldere jûn: in gau-eftige knypeach nei de yndustrialisaasje dy't yn it Tolmin-bekken ûntstiet. In desennium letter ûngefear song Onelio Supplizi, berne yn Tolmin tusken de twa oarloggen, fol nostalgia in ferlykbere oade oan 'e skjintme fan it lânskip. De skilders Riko Debenjak en France Pavlovec hawwe minder sentimintele tsjûgenissen neilitten.

Lykwols is de echte dichter fan Tolmin fansels Ljubka Šorli Bratuž. Dizze yn Tolmin berne dichteres troude mei in man út Gorica. Se ferlear him, koarmaster Lojze Bratuž – fassisten twongen him masine-oalje te drinken en dêr is er oan stoarn –, wylst sysels letter ôfgrysluk martele waard yn 'e finzenis fan Triëst. De idyllyske bylden yn har dichtwurk oer Tolmin slute de perioade fan oardel iuw ôf, doe't dichters en dichtersessen it fet fan 'e poëzy follen mei patriottyske meidielingen, fieling fan langst, skuld, en tankberens, of it harmonieuze útsjoch op it lânskip by de rivier Soča lâns. – Yn einleaze petearen op syn terras yn 'e Bazovica-strjitte plante komponist en professor Makso Pirnik ideeën yn 'e hollen fan studinten fan 'e learare-oplieding, dy't letter in gymnasium waard. Boeken út syn rike en konstant oanfolle biblioteek giene fan 'e iene hân yn 'e oare. Neist oare treflike Sloveenske literatoaren en yntellektuëlen waarden Rudi Šeligo, Dane Zajc, Evgen Bavčar, Aldo Kumar, Darko Komac, Sarival Sosič en Boris Jukič dêr foarme, dy jierren bepaalden har wrâldbyld. De lêste joech de iennige echte bydrage fan Tolmin oan it Sloveenske nei-oarlochske proaza, syn novelle *Klavir* (De piano) fertelt op 'e nij it wier barde ferhaal fan 'e oankomst fan Pirnik yn 'e lytse stêd by de rivier de Soča, drûchwei de geast fan it tiidrek. In oare stille man fan deselde groep, Janez Dolenc, slavist en etnoloach, stimulearre syn studinten oanhâldend yn 'e desennia fan syn professoraat. Hy liet se it lânskip fan Tolmin útkjimme oant se folksferhalen opdolden, sels op plakken dêr't gjin ferhalen mear wiene. In lyts part fan syn neilittenskip is publisearre, mar it meast wachtet noch hieltyd op útjefte. Ien generaasje letter waard in mjuks fan oantinkens en kulinêre teksten gearstald, mei de titel *Ostružki* (Skrabsel), troch Helena Čujec Stres op dyselde skoalle.

Guon opfallende ôfbyldingen fan it âlde Tolmin waarden neilitten troch de skilder Ljubo Brovč, dy't in akademyske oplieding hie en yn syn frije tiid skildere, nei syn deistich wurk fan it ynwijen fan bern út it fuortset ûnderwiis yn 'e wrâld fan 'e keunst. Yn deselde tiid plôke de skilder Rudi Kogej longkrûd yn 'e kliuw fan 'e Tolminka en by de Soča lâns, en besocht er de kleuren fan beide rivieren te fangen. Hy fertsjinne dêr aardich mei, mar it wie ek in boarne fan frustraasje, omdat er faak fêstrûn yn 'e selde sirkel fan motiven. As se sa wiis binne mei wetter, dan soene se it yn fleskes jitte moatte, sei er faak. Uroš Rojko, in komponist, ûntduts syn leafde foar de klarinet hjir doe't er noch op 'e legere skoalle siet. Yn deselde tiid makke, yn it gehucht Volčanski Ruti, súdlik fan Tolmin, etnologo Pavel Medvešček opnamen, dy't fyftich jier letter net allinne de regio Tolmin skokten mar hiel Slovenië, trochdat se dúdlik makken dat ûnder it oerflak fan dy foarfallen, in iuwenâld leauwe mei syn regels, organisaasje en wrâldbyld, op 'e ein rûn.

Nei de skrammen fan 'e ûnôfhinklikens fan 1991 waard de militêre post fan Tolmin opheft, wat net in lytse ierlitting wie. It leger hie behoarlik bydroegen oan de ûntjouwing fan it hannelsstedsje. Miloš Batistuta syn dokumintêre opname oer it oanlûken fan oare klean troch de ûntsnapte soldaten waard, mei in bytsje in knypeach, in geastige en minsklike metafoar foar de omslach fan it stedsje fan in libben yn unifoarm nei in boargerbestean.

Tolmin giet it tredde millennium yn as in moaie lokaasje foar filmmakkers. Yn 2001 wurdt yn Jan Cvitkovič's *Kruh in mleko* (Bôle en molke) in ferhaal fan Tolmin ferteld dat opnommen is yn 'e pleatslike strjitten en bars, mei libbene, ûndergrûnske karakters út 'e stêd. Ut 'e muzyk fan 'e lokale band *Tminski madrigalisti*, skreaun en publisearre yn ûngefear deselde tiid, sprekt deselde geast. De muzyk bliuwt trou ankere yn it lokale en makket de tradysje fan 'e grafen en de rebellen mei parody en persiflaazje te behappen. Underwilens fynt de skreaune poëzy syn wei yn trijerigelige haiku's. Dy waarden yntrodusearre yn Tolmin troch Dimitar Anakiev, nei't er syn unifoarm fan legerdokter útlutsen hie. Dichter en muzykpedagoog Štucin is it slagge om troch de jierren hinne in ynternasjonaal moetingplak op te setten foar jonge haikûdichters. It plak is net mear fan belang, de muoisume skiednis is tsjintwurdich inkeld oanwêzich as in gegeven, in ympresje, of as in ferhaal dat oan in bûtenlânske toerist ferteld wurde kin. It draait om it genietsjen, en nochris it genietsjen en om it spyljen - dat is wat wy sizze kinne nei it lêzen fan Andrej Lupinc syn ferhaal. Natuer en spektakel wurkje op inoar yn, sa't se troch de skiednis hinne dien hawwe, op dizze flakte ûnder it Kastiel, en yn 'e kleauwen en bergen fan it lânskip fan Tolmin, dat meastal allinne út it eachpunt fan skiednis besjoen wurdt as "...in griene raket omheech komt, it striidperk yn it ljocht set mei in lôgjend fjoer", yn 'e wurden fan Alice Schalek.

## TANKWURD

Tank oan al dyjingen dy't boarnen ûntdutsen, ideeën oandroegen en de wei wiisd hawwe foar it gearstallen fan dit boek. Branko Marušič yn it foarste plak, it Museum fan Tolmin, benammen Marko Grego, de Ciril Kosmač-biblioteek, de gemeente Tolmin, elkenien dy't meiwurke hat troch my teksten te stjoeren, dy't miskien oan 'e kant skood binne doe't it konsept dúdliker waard, rjochthawwenden fan 'e publisearre skriuwers en in hiele soad oaren op waans doarren men kloppet by sok wurk. In hiel spesjaal wurd fan tank giet nei it EU-projekt Oare Wurden (Other Words), dat de einredaksje en it skriuwen fan it foarwurd mooglik makke by myn ferbliuw yn Bitola yn septimber 2016.